



O, sjoch no ris efkes,
wat ik yn myn kuorke fyn.
Allegear moais en lekkers,
boartersguod en marsepyn.

In pop mei echte skuontsjes oan
en moaie kleantsjes, it stiet sa skoan.
In boek dêr't ik ek yn kleurje kin,
de Sint brocht my alles nei't sin.

P



O, sjoch no ris efkes,
wat ik yn myn kuorke fyn.
Allegear moais en lekkers,
boartersguod en marsepyn.

In auto dy't echt ride wol,
in pong mei knikkerts en gleskes fol,
en ek in grut stik spekulaas.
It is sa'n goed âld baas.



O, sjoch no ris efkes,
wat ik yn myn kuorke fyn.
Allegear moais en lekkers,
boartersguod en marsepyn.

